

Sa gewoan

skreaun foar de Trûbadoersjûnen fan 2004, útbrocht op de CD "Der tuskenút"

hy is sa goed, nee hy is better G A
en ja, hy komt ek faak wat letter as de rest C D7 G
ik wit jo moatte net oerdriuwe G A
mar ik wol der wol by bliuwe, 't is de beste C D7 G
en hy hat der ek gjin wurk fan
fergelykje dat mei my dan bin ik slûch
hy is ek fluch en hiel direkt
en dochs komt it him wol krekt, hy's net sa rûch
mar wat ik sa bysûnder fyn, sûnder gedonder sûnder skyn C G C G
hy is sa suver en hy is sa ûnbedoarn A7 D7 G
'k snap net hoe't er it sa hat, stjerrend wier it is apart C G C G
want hy bliuwt sa net te leuwen sa gewoan A7 D7 G
kearsang: 't is net normaal mear sa gewoan Am7
troch heit en mem fêst nea bedoarn Em7
o sa beskieden en hy praat mei alle minsken Am7 Em7
sawat net moai mear sa gewoan Am7
en ek sa suver noch fan toan Em7
mei nocht foldocht er altyd wer oan alle winsken C B7

hy hat ek eartiids alles kind
it is in algemien talint, fenominaal
stiet foar de oaren altyd klear
is ek in hear yn it petear en sa soasiaal
och miskyn sjit ik wol te koart, ik wit wier net hoe't hy it hat
'k jou it ta, ik wol him leaver mijje,
want ik fyn him irritant, fierste gewoan, doocht fan gjin kant
út 'e ploai, dat is pas moai, dat mei ik lije
kearsang:

ik spylje 't aldermoaist gitaar
ik pluk ek mannich tere snaar, dat is bysûnder
ik sjong it allerheechste liet
en ek al sjong ik noch sa swiet, it bliuwt in wûnder
mar wy ha ús part wol leard, swets' en sweare is ferkeard
wy binn' op alle fronten suver ûnbedoarn
al liket it hiel wat, it is net mear as dit of dat
en wy bliuwe sa net te leuwen sa gewoan
kearsang: